

## Justin Gerstner

Foardroegen troch Marije Roorda



Beste minsken,  
Yn alle frijheid stean wij op it hiem fan famylje Heeres.  
Dit hiem en de pleats bewarje it ferhaal fan Justin Gerstner.  
Yn de oarlochsjierrren hie Justin hjir in skûlplak.  
Doedestiids wenne hjir de famylje Buwalda.  
By harren fûnen mear ûnderdûkers in feilich hinnekommen.

Justin Gerstner en syn famylje flechten yn de tritiger jierren út Dútslân wei.  
Nei omwegen kaam er yn Ymswâlde telâne.  
Sûnt '42 siet er by de fam. Buwalda. Se neamden him Lytse Douwe.  
Hy hie swart krollich hier, donkere eagen en droech in glimmende bril.  
Die alle boerewurk en prate Frysk, wie fluch en beret.

Oant de dei fan 31 oktober 1944.  
Doe waard der in razzia holden nei ûnderdûkers en joaden.  
Oer it âlde Postpaad kamen de `grünen' nei de buorkerijen op Ymswâlde.  
De ûnderdûkers sochten yn sân hasten harren skûlplak op.  
Douwe, lykwols, siet op it húske doe't der sketten waard.  
Buwalda rôp: `avesearre, gean nei de heasouder!'  
It sjitten kaam tichteby en Douwe draafde troch it fjild nei de Kaai.  
Dêr skûle er yn in kûle fol wetter. Mar de Dútsers hiene him sjoen.  
Hy waard oppakt, ûnderfrege en mishannele.  
Douwe wegere te ferklearjen wat syn ûnderdûkadres wie.  
Healwei Wolsum ha se him deasketten en lizze litten.  
Justin wie 23 jier en krige in grêf yn Wolsum.  
Nei de oarloch is hy opnij begroeven op it Joadske tsjerkhôf yn Snits.  
Hy hat gjinien ferriede wollen. Syn swijen hat in soad minsken rêden.  
Lit ús in amerij stil wêze, oan him tinke en wat hjir ôfspile hat.  
By de famyljes yn Ymswâlde, dy't de moed hienen om flechtelingen  
in ûnderdak te jaan.

## Skip mei sân

Foardroegen troch Tjitte Bouwhuis



De bruorren Hobma út Blauhús soene mei in skip sân fanút de Snitserfeart troch de Bloedfeart nei Ymswâlde komme en by de Blauwe Hikke oanlizze. Mei myn boartersmaatsjes Jelle en Pietsje stiene wy moarns ier al nei 't skip út te sjen. De mêst fan it skip wie it earste wat wy seagen. Stadich kaam it skip tichterby en wy rûnen it temjitte. Twa mannen stiene op it dek wêrfan ien oan 't roer.

De motor fan it skip brulde wylst de boat mar stadich foarút kaam. Doe 't skip einlings oanlei by de Blauwe Hikke stiene de boeren en arbeiders mei hynder en wein al te wachtsjen.

De skippers, dy 't hiel donkerbrún fel en ek hiel oare petten op hiene as ús heit en de arbeiders, rôpen dat de Bloedfeart útbaggere wurde moast.

De mannen fan de wâl rôpen werom dat it skip te swier beladen wie. Wy stiene der fansels op 'e noas by te sjen en te lústerjen.

Der waarden planken útlein oer it skip en fan 't skip nei de wâl. De skippers skepten de houten kroaden fol. De arbeiders kroaden se fol sân oer de planken by de wein op en kypten se leech op 'e wein. De measte boeren wurken sels net mei. Sok wurk wie foar de arbeiders en de feinten. Wy mochten, as de wein fol wie, boppe op it sân sitte en meiride. By ús thús waard it sân ek mei de kroade yn it sânhoek brocht.

As winterdeis it bûthúswurk oan de kant en de flier oanfage wie, waard der in bytsje fan oer de flier struid. Dat stie netsjes, sei heit.

Ut: "oer twa Brêgen". Troch Bonne Speerstra.

## Ferhaal Hylke Speerstra

Op de skuorreed yn syn bertepleats op Ymswâlde.



“Achte gasten, ik sjoch jim as buorlju dy’t sa om Allerheljen hinne efkes troch it lân komme te buorkjen. Yn myn bertejier 1936 húsmannen hjir, de ynwenjende boerefeinten en -fammen meirekkene, 65 ynweners. Ein 2025 binne it noch 22. It buorskip telde 28 legere skoallebern, hjoed noch trije. It lân leit der noch, ferkavele en sljochter. Pake Bartle hat yn 1919 gjin miskeap dien. Dat stikje ierde woe er ha.

“Us kop-hals-romppleats lei ûnder de klokslach fan Tsjerkwert. By westewyn koene wy de klok klear heare. Kaam by hoarich war de wyn út it noar, dan hearden wy de Boalserter Martinytoer. Romme de noardewyn nei it easten en like der winter yn de loft te sitten, dan wie it beskieden tuorke fan Wolsum dat ús dêr fan op ‘e hichte brocht. En in hiel inkele kear hearden wy de swiere stim fan de Blauhúster krúsbaselyk. ‘We krije hjoed roomsk waar’ sei ús heit dan”.

“Eartiids wie de stilte stiller en it tsjuster tsjusterder, allinne it ljocht is net ljochter wurden. Leit yn de teloargong fan dy stille stilte dan de weemoed besletten dêr ‘t ik as ien fan it neiteam, troch bekrûpt wurdt as ik weromtink oan it lemswâlde fan myn bertetiid? Noch altyd sweve hjir ferhalen en wa wit geheimen. Nei Reve: Het is niet onopgemerkt gebleven”.

## Bolle Adema 197

Underweis, op Jonkerhuzen, ferteld troch Teake Rijpma.



Adema 197 wordt gezien als de stamvader van de wereldwijd bekende fokstal Adema, die zijn oorsprong vond bij de stamboekkie Adema, geboren in 1894. Hij werd in de jaren '40 - '41 preferent verklaard en stond bekend om het fokken van compacte, minder melkrijke Friese koeien, hoewel zijn naam en die van zijn nakomelingen nog steeds belangrijk zijn in de veehouderij. Zijn invloed is zo groot dat vrijwel alle zwartbonte stieren en koeien, waar dan ook ter wereld, verwant zijn aan Adema 197.

Jantsje Joukes Bouma, Anke Joukes Bouma. Jonkershuzen.

Reaksje fan Pieter Hiemstra fan Heech:  
Uit geschiedenis Fokstal Knol Hartwerd. 'Adema 197'.

Familie Adema. Jonkershuzen in vroegere tijden:

Op best land, zoals hier kan de boer per hectare één koe laten weiden, jongvee er onder berekend en kan hij rekenen dat zijn kostbaar vee hem daags van 6-8 liter melk geeft, terwijl elke 20 liter hem 6 hectogram boter verschaft en 1/2 kilogram kaas, natuurlijk gemiddeld berekend.



Dit olieverfschilderij van de stier Adema 197 is te vinden in het Fries Landbouwmuseum.